

ferske op 'e wize fan : **Myn Berber is fier oer it wetter.**

Tusken de linen

Refrein:

Tusken de linen
of oan de bûten**kant** fan it stek
tusken de linen
of oan de kant **by it** stek

Gean'k sneon te middei **it** fjild op
dan bin wy mei tolve **man**
ús supporters by de **kant**ine
dy ken der ek aardich **wol** wat fan

Refrein

Ús opdracht is efter ticht **hâlde**
en jou dy lange gjin **kâns**
en tink om dy lytse **âlde**
dy mei der ek net **bylâns**, **bylâns**

Refrein

de lêste man wat hingjen **bliuwe**
mar giet hy, nimt in oaren **it** oer
de mid moat it spul **opdriuwe**
as wy geane rjochting **toer** ja toer

Refrein

Giet de back oer de bûten hinne
en rûkt de midfoar syn **kâns**
hy moat skoare wolle **wy** winne
mar hy knalt him der **wer** **bylâns**, **bylâns**

Refrein

Dan krij wy noch in frije **traap** tsjin
sa'n tweintich meter fan **it** doel
it muorke dat wurd dan **goed** setten
en ús Egbert bliuwt altiten **koel** ja koel

Refrein

Oant ein fan de oardel oere
dan binne wy goed of striemin

ha wy der de measten yn sketten
dan hat in elts in goed sin, goed sin

Refrein

De tolfde man by de stek
dy wit it sa goed sa krekt
dit moast dwaan en dat moast litte
mar hy stiet efter it stek it stek

wp\sds\linen